

# Mear politike ienheid tusken de Fryslannen is winsklik!

Tusken 28 en 30 maaie 2010 wie der wer in tige slagge *Friesen-Droapen* (al wer de 17<sup>de</sup> Friezemoeting) op Hilgelân organisearre troch de *Ynterfryske Rie*.<sup>1</sup> Ien fan de aktiviteiten op 29 maaie wie in wurkwinkel (in 'polityk kafee') yn it 'Rathaus' oer de fraach oft der net in soarte fan ynter-Frysk parlemint komme moast. Sa'n lytse tritich Friezen út ûnderskate streken yn Nederlân en Dútslân wei hawwe dêr oer redendield. De East-Fries Marcus Grafenburg (learaar yn Stuttgart) wie petearlieder. Hy wie fan doel om koarte ympulzen te jaan en om fragen op te roppen en dat slagge mear as treflik.<sup>2</sup>



## Sytze T. Hiemstra

Dieter Baumann, de doe ôfgeande foarsitter fan de Ynterfryske Rie en ek plakferfangend foarsitter fan de Seksje East (East-Fryslân) ornearre dat de Friezen mei ien mûle sprekke en in klear lûd nei foarren bringe moatte as se op hege(re) politike nivo's mear ynfloed krije wolle. Hy die útstellen foar in mienskiplik Frysk 'parlemint' of 'kongres'. Der is besletten om in wurkgroep fan de *Ynterfryske Rie* yn it libben te roppen dy't it idee fierder útwurkje sil.<sup>3</sup> Roel Kaastra, dy't op Hilgelân ta de nije foarsitter fan de *Ynterfryske Rie* keazen is, sei ta dat dy koepelorganisaasje de organisaasje op him nimt en dat er him der sels ek foar ynspanne sil. De earste politike wurkwinkel dy't ea by in Friezemoeting plakfûn hat, is grif in grutte stap foarút.

Ik hie Dieter Baumann frege om syn opfettings foar my op papier te setten. Sadwaande koe ik yn Swingel 27 (sjoch noat 1) omtinken oan syn opfettings jaan. Ik hie datselde fersyk ek dien oan Sybren Posthumus (Westerlauwersk Fryslân) en Arno Ulrichs (East-Fryslân), omdat se net swak byspilen yn de diskusje en in tige weardefolle ynhâldlike bydrage leveren. Sybren hat him op Hilgelân presintearre as FNP-riedslid Boarnsterhim en as bestjoerslid fan de Europarlemintspartij *Europeeske Frije Alliânsje/European Free Alliance* (EFA) en Arno Ulrichs is skriuwer fan de seksje East en foarsitter fan it *Friesische Forum*, in feriening dy't him ûnder oaren ynspant foar it hoedzjen fan de East-Fryske kultuer.

### De opfettings fan Sybren Posthumus

Posthumus ornearre dat hast sa'n 80% fan de befolking fan Westerlauwersk Fryslân mear autonomy hawwe wol en dat in referendum oer dy fraach dan ek nijsgjirrich wêze soe. Hy stelde út

om in wurkgroep te foarmjen dy't de mooglikheden foar selsbeskikking ('Selbstbestimmung') ûndersykje moat. Hy wiisde derop dat de Europeeske Uny likegoed posityf foar 'internal enlargement' oer stiet. Sels EU-presidint, Herman van Rompuy, hat dat yn in petear mei de Europarlemintspartij EFA, dêr't de FNP ek by oansletten is, oanjûn. Mei oare wurden, yn it nije Europa wurdt de foarming fan nije lidsteaten binnen de EU sels net as in gefaar sjoen. Sterker noch, it wurdt stimulearre as it de útkomst is fan in demokratyske proses (sjoch hjeroer ek de ûndersteande bydrage fan Arno Ulrichs).

Posthumus achte it wichtich dat de ynter-Fryske gearwurking trochgiet. As der in mienskiplike politike struktuer mei foech ûntstiet, kin der begûn wurde mei saken dy't foar it hiele Fryske gebiet fan belang binne, lykas kustbeskerming en kultuer.<sup>4</sup>

### De opfettings fan Arno Ulrichs

Ut de wiidweidige Dútsktalige bydrage fan Ulrichs jou ik de wichtichste punten en ideeën wer.<sup>5</sup>

### *Nasjonale-steatsfoarming en de gefolgen foar de Friezen*

Arno Ulrichs konstatare dat yn de Twadde Wrâldoarloch Noard- en East-Friezen út Dútslân en Westerlauwerske Friezen út Nederlân tsjininoar fjochtsje moasten. Soks is út in Frysk perspektyf wei besjoen winliken it kulminaasjepunt fan it útinoar driuwen fan de Friezen troch it proses fan nasjonale-steatsfoarming (de naasje-steaten). Al yn 1955 ferklearren fertsjintwurdigers fan alle trije Fryslannen yn it *Frysk Manifest*, dat by de Upstalbeam, net fier fan Auwerk (Aurich),

oannommen waard, dat de Friezen der fan oertsjûge binne ‘dat wy byinoar hearre’, ek as ‘wy’ yn ferskillende steaten libje. De Friezen leine doedestiids foar harsels de opdracht fêst om mei te wurkjen oan de Europeeske yntegraasje: “De tiid ferget grutter ferbannen. De trije Fryslannen sizze fan herten ja op alle stribjen, dat ta de ienheid fan Europa liede kin.”<sup>6</sup>

De desennia dêrnei waarden stimpele troch de east-/west-konfrontaasje, troch de ‘kâlde oarloch’ en troch de West-Europeeske yntegraasje, dy’t foar in part ek in antwurd wie op de wrâldpolitike ûntjouwing. Tsjin dy eftergrûn like it derop dat de nasjonale steaten dy’t har foarme hiene, foar altiten fêstlein wiene, teminsten yn Europa.

### *De takomst fan de naasje-steaten*

Earst doe’t de ‘kâlde oarloch’ foarby wie en it Eastblok útinoar fallen, kaam fannijs de fraach op nei it foarútsjoch fan de nasjonale steaten. Wylst de (West-)Europeeske politike elite der op dat stuit fan dreamde om it model fan de West-Europeeske yntegraasje op hiel Europa oerdrage te kinnen, kamen yn Midden- en East-Europa nasjonale ferskillen oan it ljocht dêr’t men fan tocht hie dat se al lang ferdwûn wiene. De fûleindigens dêrfan waard yn it westen fan it kontinint mei ferwûndering waarnommen. Yn de Baltyske lannen en op de Balkan (en de hjoeddeiske útrinders dêrfan yn de Kaukasus) wie de frijheid allinnich tinkber as it jin befrijen fan it nasjonaal-steatlike ferbân dat harren twingend oplein wie. Dat ferbân hold gjin rekken mei de etnyske en sosjaal-kulturele eigenheden, mar wie benammen rjochte op machtsbelangen. Dat histoarysk sjoen it proses fan nasjonale-steatsfoarming yn it westlik part fan it kontinint likegoed oriïntearre wie op ekonomyske fraachstikken en politike machtsbelangen, waard ornaris net erkend. It âlde teltsje fan de ienheid fan de naasje op basis fan in mienskiplike taal, in homogeen folk en in mienskiplike kultuer waard nea serius betwivele. Troch de measte steaten rinne etnyske,



kulturele en taalkundige skiedslinien. De Europeeske taalkaarten en kaarten fan minderheden meitsje dat wol hiel dúdlik.

Yn it sok fan boppeneamde ûntwikkelings yn East- en Midden-Europa wurdt ek yn West-Europa oer it foarmjen fan nije territoriale ienheden diskusjearre. Dêrby wurde net allinnich fraachtekens set by nasjonale steaten as dêr *ynterne* ûntwikkelings oan de gong binne, lykas bygelyks yn België. Dêrnjonken spylje ek hieltiten mear globalisearingstendinzen in rol. Tink yn dat ramt ek oan de gefolgen fan de krisis op de finansjele merk en de strategyen om dy op te lossen. Tink ek oan de fierder geande *Europeeske* yntegraasje yn de rjochting fan in ‘Europeeske federale steat’. Sokke ûntjouwings sette de betsjutting fan de hjoeddeiske naasje-steaten – en dy fan naasje-steaten yn it algemien – yn ’e kiif.

Fan de kant fan de Europeeske Uny hat Herman van Rompuy noch net sa lang lyn nochal dúdlik fan in ‘Internal Enlargement of Europe’ praat. Dat wurdt as in oanwizing sjoen dat sels de EU it foarmjen fan nije naasjes perfoarst net ôfwiiist (tink bgl. oan Kataloanje of Skotlân) en dêr gjin gefaar yn sjocht foar de Europeeske ûntwikkeling. Fandatoangeande lûgje ek altiten wer diskusjes op en komme ideeën nei foarren oer minderheden dy’t har yn it eigen nasjonale ferbân regionaal en polityk organisearje.

### *Mear politike ienheid foar de Friezen*

By in politike diskusje yn it ramt fan de Frieze-moeting yn 2010 op Hilgelân waard dan ek de fraach steld, hokfoar mooglikheden oft der binne foar in ‘Frisian Political Unity’. Dêrby botse ferskillende fyzjes opinoar.

Guon sjogge dêr in op it ferline rjochte stribjen nei ôfskieding yn en wize dat ôf. Se wize op de taalkundige ferskillen tusken de Fryslannen of de navenant lytse omfang fan it Frysk gebiet. Oaren kinne harren losmeitsje fan de hjoeddeistige politike situaasje en freegje harren ôf wêrom’t bygelyks de Basken of Katalanen gjin problemen hawwe mei it stribjen nei autonomy. Se fernuverje har deroer wêrom oft it no krekt by de Friezen swierrichheden jout as it om etnyske of polityk-territoriale ienheid giet.<sup>7</sup>

It proses fan de foarming fan nasjonale steaten is histoarysk sjoen grif ôfsletten. Wa’t hjoed-de-dei de fraach stelt nei in territoriaal-politike ienheid

fan de Friezen, kin him om dy reden net mear op in algemien histoaryske ûntwikkeling basearje. Hy moat himsels serius ôffreegje wêr't dy nije ienheid goed foar wêze moat. Weromgripe op Radbod-romantyk (in Frysk ryk ûnder in Fryske kening) helpt net sa bot, omdat it foar de grutte kliber net genôch basis ta identifikaasje jout.

As de Friezen polityk-regionaal nauwer gearwurkje wolle, dan sille se in antwurd jaan moatte op de fraach wat yn de takomst eins noch de sin fan steatkundige ienheden is. De wichtichste fraach moat wêze: wat wol de befolking? Arno Ulrichs tinkt dat de befolking yn earste ynstânsje fatsoenlik en feilich libje wol en dat hoecht perfoarst net altiten 'Frysk' te wêzen. It idee om jin territoriaal en polityk sterker te ferienigjen heart net fan boppen oplein te wurden. De nije konstruksje moat in konkrete mearwearde jaan. Oangripingspunt kin by de Friezen fansels de *kustbeskerming* wêze. It mei-inoar oanlizzen fan diken wie ommers it momint dat de eardere Fryske lânsgemeenten ûntstien binne. Mar der kin ek tocht wurde oan de *ekonomyske* ûntwikkeling. Yn de trije Fryslannen lykje de ekonomyske struktueren in protte op inoar. Dêr binne benammen lytse en middelgrutte (famylje-)bedriuwen en net folle grutte konserns. De enerzjysektor is sterk, it toerisme ek. Mei de yndustry op it mêd fan iten en drinken leit it lân der wat beskiedener hinne. *Steatsynstellings* dy't foar in part yn de Fryslannen kommen binne om de swakke steeën yn de ekonomyske struktuer wat mear yn it lyk te bringen, komme fanwegen de hegere steats-skulden faaier te stean. Se ferdwine hieltiten mear (bgl. oerheidsorganen, ûnderwiisynstellings, definsjeûnderdielen). De betsjutting fan de lânbou en de sektors dy't dêrmei anneks binne, leit boppe de trochsneed. De ekonomyske ûntwikkeling dêrfan wie krekt yn de lêste *krisismoannen* stabyl, dat de Fryslannen binne better troch de krisis hinne kommen as hiel wat oare streken.

### ***De Fryslannen en Brussel***

In de diskusjes wie men it der oer iens dat in feriene Europa in realiteit is. En dan giet it om de fraach hoe't de Friezen yn sa'n Europa mear ynfloed krije kinne.

Dêrby spilet it behertigjen fan de Fryske belangen yn Brussel in sintrale rol. Dêr kriget men lykwols allinnich gehoar op basis fan ekonomyske macht of troch politike legitimaasje. Njonken abstrakte organisaasjepolitike fragen op it stik fan in



mienskiplik Frysk parlemint, dêr't neffens it oerlis op Hilgelân op ta wurke wurde moatte soe, moat it yn it foarste plak dúdlik wurde hokfoar beliedsmêden oft perfoarst yn sa'n orgaan op it aljemint komme moatte soene. Dat moat fan tefoaren helder wêze. It moat om tema's gean dy't foar 'hiele' Fryslân relevant binne.<sup>8</sup> Op de eftergrûn spilet yn dat ramt ek altiten de fraach yn hoefier't de Friezen as folk eftersteld wurde en oft dat de beslissende ympuls foar territoriaal-politike feroarings wêze kin.

Wylst de Friezen yn de Nederlannen betreklik dúdlik in efterstelling op it mêd fan kultuer en ûnderwiis fêststelle kinne, is it foar it de measte Friezen yn Dútslân net sa maklik om dêr in ienriedich antwurd op te jaan. De efterstelling leit yn it lêste gefal (Dútslân) benammen op it mêd fan de taalbefoarding.<sup>9</sup> De fraach oft dy efterstelling in gaadlike polityk útgongspunt foar feroarings is, moat wiidweidich oer redendield wurde. Moatte wy Friezen ús der net earder selsbewust mei alle macht op rjochtsje om tagelyk mei it yntegraasjeproses (dat him dialektysk troch de tsjinstellings hinne ûntwikkelet) it *regionalisearjen* fan Europa op it rabat te bringen? It idee fan de Fryske frijheid, de relaasje tusken persoanlike frijheid en maatskiplike ferantwurdlikens, fan yndividueel organisaasjefermogen en it fermogen om koöperatyf dingen ta stân te bringen – dat alles binne Fryske pluspunten op it rommere Europeeske paad.

### ***Utdagings foar de takomst***

Hoe't de nauwere territoriaal-politike gearwurking fan de Fryslannen der oan de ein útsjen sil, kin winliken nimmen op it stuit foarsizze. Oan de iene kant kin men fêststelle dat 25 jier ferlyn net ien leaude dat der yn Europa sokke djipgeande feroarings wêze soene as dat wy hjoed-de-dei sjogge. Dat moat ús leare dat ek it nasjonale-steatsbestel yn West-Europa net ûnoantaastber of sels hillich is. Oan de oare kant is watfoar



steatsnasjonale oardering ek gjin doel op himsels. In nije oarder moat heldere legitimearjende grûnslaggen hawwe. Sûnder in dúdlike útspraak fan de mearheid fan de befolking kin it net. Dêrby moat men der rekken mei hâlde dat it feroarjen fan de hjoeddeiske steatsnasjonale gebieten yn West-Europa foar de measte minsken ferbûn is mei in gefoel fan politike ûnrêst en sadwaande eangst opropt.

Yn it bûn fan de Upstalbeam út de Midsieuwen hawwe de Friezen in by dy tiid passend en doe modern antwurd fûn op it tiidrek fan de

absolutistyske feodale hearskippij. Hjoed-de-dei lizze der útdagings op it mêd fan de globalisearring en nationaal-politike ûnmacht, fan kulturele ûntwoarteling en fan ferlies fan persoanlike binings en identifikaasje. De fraach hokfoar by de tiid passend antwurd oft de Friezen dêr yn de 21<sup>ste</sup> ieu op jaan moatte, leit noch iepen. Mar wy kinne, sa ornearret Ulrichs, de debatten mei selsbewustens fiere en moatte ús eigen andert fine. Neat mei it tinken dêroer yn 'e wei stean. Dat soe in earlike en konstruktive diskusje net befoarderje, likemin as romantisearjende dreamerijen.



*It 'polityk kafee' yn it Rathaus op Hilgelân, maaie 2010*

### **Noaten**

<sup>1</sup> Sjoch ek *Swingel 27*, sept. 2010, s. 4-7, dêr't der koart wat oer sein wurdt.

<sup>2</sup> Op de gearkomste waarden substansjele bydragen levere troch Markus Grafenburg, Andreas Engelhardt, Arno Ulrichs, Dieter Baumann, Frank Botter, Sybren Posthumus, Kerst Huisman, Roel Kaastra en guon dêr't de nammen net fan notulearre binne (der is in Dútsktalich ferslach fan makke).

<sup>3</sup> Ferslach: "Ergebnis: Gründung einer interfrieschen Arbeitsgruppe für eine interfriesische parlamentarische Versammlung, mit Unterstützung des Interfriesischen Rates."

<sup>4</sup> Posthumus syn bydrage is basearre op in (neikommend) e-post-berjocht fan him oan my fan 2 july 2010.

<sup>5</sup> Ulrichs syn bydrage is basearre op in (neikommend) e-postberjocht fan 8 july 2010.

<sup>6</sup> Klik foar de folsleine tekst op: [www.fryskebeweging.nl](http://www.fryskebeweging.nl) → Feriening Frysk Underwiis (FFU) → Publikaasjes → Das Friesische Manifest/It Frysk manifest.

<sup>7</sup> Ulrichs: "Warum gibt es eigentlich ausgerechnet bei den Friesen ein Problem mit der ethnischen und politisch-territorialen Zusammengehörigkeit?"

<sup>8</sup> Ulrichs: "Der gesamtfriesische Anspruch kann nur mit Leben erfüllt werden, wenn es um Themen geht, die auch für ganz Friesland relevant sind."

<sup>9</sup> Dêr moat by betocht wurde dat de measte Friezen yn Dútslân hielendal gjin Frysk prate, mar inkeld noch Platdútsk.

**Drs. Sytze T. Hiemstra is bestjoerslid fan de *Fryske Rie* en fertsjintwurdiger fan dy organisaasje yn de *Ried fan de Fryske Beweging***